



# Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

## Ta de nasalearring yn it Frysk

Visser, W.

### **published in**

Tydskrift foar Fryske Taalkunde  
1985

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

### **citation for published version (APA)**

Visser, W. (1985). Ta de nasalearring yn it Frysk. *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 1(2), 33-49.

### **General rights**

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

### **Take down policy**

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

### **E-mail address:**

[pure@knaw.nl](mailto:pure@knaw.nl)

## Ta de nasalearring yn it Frysk\*

WILLEM VISSER

### Summary:

In present-day Frisian there is a fully productive process of nasalization. Riemersma (1979), working within the framework of "standard" generative phonology, accounts for it by a rule in two stages, although he admits that one simple rule is to be preferred. In this article it is argued that nasalization should be viewed as a form of contraction, to be accounted for by a phonological rule of the so-called transformational type. Working within a more "natural" framework, largely based on Booij (1981), it is shown that using the syllable in formulating the rule, results in a "natural" and simple account of certain facts concerning nasalization, which renders Riemersma's ad hoc forms and rules superfluous. The phenomenon of nasalization together with compensatory lengthening, treated synchronically by Riemersma, is shown to be an opaque process. Proposals are made to treat it lexically by means of a relational rule. Other subjects which are commented on are: the lexical representation of nasalized vowels, nasalization and conversion rules, nasalization and stress.

### 1. Eardere beskriuwingen fan nasalearring yn it Frysk

#### 1.1. Mei âld ark

Yn 'e 50-er jierren hat der in diskusje west tusken benammen Van Coetsem en Hoekema oer de fraach oft oan in nasalearre fokaal foneemwearde takend wurde moat. Van Coetsem sei fan net, Hoekema fan al. De diskusje kaam in ein oan troch it útkommen fan Cohen et al. yn 1961 dy't nasalisaasje as "een combinatorische variant van de n" beskôgje. Hoekema joech doe syn "flater" ta.<sup>1</sup> Dat spile him ôf yn it ramt fan 'e strukturalistyske fonology.

#### 1.2. Mei nij ark

Riemersma (1979) joech in nije ympuls oan it ûndersyk

nei nasalearring. Hy fonologisearret yn it ramt fan 'e t.g.-fonology. De fraach oft nasalearre fokalen al of net foneemwearde hawwe, is yn dat ramt net fan belang, meidat it statyske foneembegryp loslitten is. Riemersma komt dan ek ta bettere risseltaten, liket my ta, as yn it strukturalistyske ramt mooglik wie. Boppedat besiket er it ferskynsel "nasalearring mei rekking" ek te beregelen, dat hy is ek folsleiner as syn foargongers.

Omdat er wurket yn it ramt fan 'e "ortodokse" t.g.-fonology, moat er, om alle gefallen fan nasalearring foar syn regels te pas te meitsjen, syn taflecht wolris nimme ta ad hoc foarmen en regels, dy't gjin ynsjoch jouwe yn wat him ôfspilet. Hy moat dêrtroch ek ûnproduktive regelmjittichheden yn syngroane regels ûnderbringe.

### 1.3. Mei nijer ark

De fonologyske teoryfoarming hat sûnt Chomsky en Halle har "The Sound Pattern of English" út 1968 net stilstien. Yn 'e 70-er jierren is, as in reaksje op dy tige abstrakte wize fan fonologisearjen, de saneamde natuerlike fonology opkommen dêr't in "konkreter" en "natuerliker" oanpak yn foarstien wurdt. Ferskillen mei de mear "ortodokse" t.g.-fonology binne û.o.:

- a) der is in autonome morfologyske komponint fan wurdfoarmingsregels;
- b) der wurde 3 typen regels ûnderskaat om fonologyske alternânsjes te ferantwurdzjen, ntl.
  - 1 fonologyske regels (mei yn 'e strukturele beskriuwing allinnich mar fonologyske features en fonologyske grinzen, de syllabe- en pauze-grinzen);
  - 2 morfonologyske regels (mei yn 'e strukturele beskriuwing ek net-fonetyske ynformaasje, bgl. wurd- en morfeemgrinzen);
  - 3 relasjonale regels of fia-regels dy't leksikale items oaninoar relatearje op in net-generative manier;
- c) de regels binne net yn ien fonologyske komponint ûnderbrocht, mar yn ferskillende dielkomponenten,

dat de tapassingsfolchoarder fan 'e regels wurdt foar in grut part beskaat troch de opbou fan 'e grammatika en dat hat it foardiel dat jo se net ekstrinsky oarderje hoege;

- d) de syllabe(grins) spilet by it formulearjen fan 'e (fonetysk-)fonologyske regels faak in krusi-ale rol.

Yn dit artikel sil ik Riemersma syn útstellen hifkje en sjen litte hoe't jo yn it ramt fan in "natuerliker" fonologymodel as sines ta in oare, en ik hoopje fan bettere, beregeling fan 'e nasalearring komme kinne. Boppedat wol ik wiidweidiger omtinken jaan oan it ferskynsel "nasalearring mei rekking" as Riemersma dien hat. Fierders binne der noch in pear oare punten dêr't ik op yngaan wol, ntl. nasalearring en ûnderlizzende foarm, nasalearring en konverzjeregels, nasalearring en klam. Guon dêrfan hat Tiersma (1979a en 1980), dêr't ik in soad oan te tankjen haw, al op wiisd. Ik basearje my op Booij (1981) syn model fan 'e wurdgrammatika (sj. 4.3.), mar nim dêr hjir en dêr ek ôfstân fan.

2. Wat binne nasalens er nasalearring fonetysk?

2.1. Nasalens en nasalearring

Yn talen kinne nasale segminten foarkomme. Yn it Frysk binne dat de nasale konsonanten /m, n,ŋ/.

Van Reenen (1981:25-26) helleit seis definysjes fan it feature "nasaal" oan, dy't "only superficial variations" sjen litte. It wichtichste skaaimerke is, dat by it produsearjen fan in nasale klank it felum sakket en de lucht troch de noas ûntkomt.

At in segmint nasaal is, kin dat opfette wurde as in min ofte mear konstante eigenskip; sa'n segmint hat dat no ien kear, sa't in oaren bgl. kontinuant is.

Van Reenen (1981:35-36, noat 4) sitearret in stikman-nich fonologen/fonetisy oer it ferskil tusken "nasaal" en "nasalearre". In soad ûnderskie wurdt net makke: guon wolle hawwe dat by nasale konsonanten alle lucht troch de noas giet, wylst by nasalearre segminten ek in part fan 'e lucht troch de mûle ûntkomt. Van Reenen

(1981:37) merkt op dat nasale fokalen nea produsearre wurde mei de mûle hielendal ticht. In foar ús doel aardich ûnderskied makket Clumek oer fokalen (sitearre nef-fens Van Reenen (1981:36, noat 4)):

"Nasal vowels are those which are inherently nasal, that is, they contrast phonemically with oral vowels; nasalized vowels, on the other hand, are oral vowels whose nasalization, if any, is solely a function of the nasal consonant en vironment."

Orale fokalen wurde yn 'e kloft konsonant - fokaal - nasale konsonant yn 'e regel produsearre mei wat "nasaals" yn 'e lêste faze (Van Reenen (1981:88)) en Anderson (1976:335) merkt op: "As is well known, nasality in consonants has a tendency to spread into adjacent vowels." Dat ferskynsel, de ynfloed fan klanken opinoar fan wjers-kanten, wurdt gewoanwei "koproduksje", "ko-artikulaasje" en soms "assimilaasje" neamd. Van Reenen (1981:22) jout dêr de folgjende ferklearring foar:

"Speech utterances have a (quasi-) continuous character. This (quasi-) continuous character can be viewed as the result of a smoothing process. Articulators cannot adopt their positions in the successive sounds without transitions. Therefore, between successive sounds coarticulation or coproduction is inevitable."

Anderson (1976:340) hat it yn dat ferbân oer:

"Processes which do not in general produce distinctive oppositions, and which are often ascribed to the mechanical properties of the vocal apparatus itself, under the heading of co-articulation."

## 2.2. Nasalearring en rekking

Nasalearring giet, fonetysk sjoen, altyd lykop mei wat rekking fan 'e fokaal, mar dy is fonologysk net distinktyf. Van Reenen (1981:112) seit dat út ûndersyk bliken docht dat nasale fokalen oer 't generaal sintraler binne as orale. Dat slacht op 'e artikuloaryske kant fan 'e saak. Op s. 121 seit er dat fan in nasaal makke fokaal de oare eigenskippen perseptueel minder dominant

wurde: "Perseptually the features HIGH, LOW and BACK are superseded by the nasality." Mar nasalearre fokalen moatte werom te kennen wêze as nasale klanken en as fokalen fan in spesifike kwaliteit. Ien manier om de werkenberens fan in nasalearre fokaal grutter te meitsjen is him wat langer meitsje as syn orale wjergader.

### 3. Nasalearring yn it Frysk

#### 3.1. De kondisjonearjende konsonanten

Nasalearring yn it Frysk hâldt yn dat de kombinaasje fokaal - /n/ foar /s, z, f, v, r, l, j, ʍ/ realisearre wurdt as in nasalearre fokaal. De fokaal is dus fan himsels net nasaal, mar wurdt dat yn beskate omkriten. It meast praktyske en generalisearjende is om dy acht konsonanten, dy't net in natuerlike klasse foarmje, mei sa min mooglik features te beskriuwen.  $\begin{bmatrix} -\text{syll} \\ +\text{kont} \end{bmatrix}$  is oanloklik, mar dan binne /g, x, h/ der ek by. Oan it begjin fan in wurd komme /g/ en /x/ yn it Frysk yn 'e regel net foar, ferl. Cohen et al. (1972<sup>2</sup>:123,132, 136); omdat nasalearring oer de wurdgrins hinne wurkje kin, wurde /g/ en /x/ yn dy gefallen útsûndere. Oan it begjin fan in wurdynterne syllabe kin /g/ wol foarkomme, bgl. yn drage; ik wit lykwols net fan gefallen dat /g/ dêr foar nasalearring soargje koe, dus fan sekwinsjes fokaal - /n/ - /g/, ûnderlizzend of oproppen troch in morfologyske regel. Dat is tafallich sa, /g/ en /x/ komme gewoanwei yn boppeneamde posysjes net foar. At dat al sa wie, dan soenen se grif foar nasalearring soargje; myn god soe sûnder mis  $\begin{bmatrix} \text{mix} \end{bmatrix}$  wurde en ik bin goed  $\begin{bmatrix} \text{I} \end{bmatrix}$ .<sup>2</sup> Dêrom hoege wy dy konsonanten ek net út te sûnderjen. At  $\begin{bmatrix} -\text{syll} \\ +\text{kont} \end{bmatrix}$  feroare wurdt yn  $\begin{bmatrix} +\text{kons} \\ +\text{kont} \end{bmatrix}$ , wie de /h/ ek útsûndere, dy't as  $\begin{bmatrix} -\text{kons} \end{bmatrix}$  te boek stiet. De healfokalen moatte dan as  $\begin{bmatrix} -\text{syll} \\ -\text{kons} \\ +\text{stim} \end{bmatrix}$  beskreaun wurde;

$\begin{bmatrix} +\text{stim} \end{bmatrix}$  moat der wol by om se fan 'e /h/ te ûnderskieden. Van der Meer (1979:150) beskriuwt /f, j, l, r, s, z, w/

as  $\left[ \begin{array}{l} -\text{stop} \\ +\text{consonant} \\ -\text{guttural} \end{array} \right]$ . De healfokalen wurde sa lykwols net dutsen omdat dy  $[-\text{kons}]$  binne, dat it is gjin alternatyf.

Moat de /m/ ek noch by de kondisjonearjende konsonanten neamd wurde? Van der Meer (1979:150) seit, at er it oer de assimilaasje fan /n/ oan folgjende bilabialen hat:

"I am somewhat uncertain about the pronunciation of 'oan mij' and 'oanmeitsje'. Though of course in accordance with the rule given in note 3 there is really only one [m] in these words, this is not the only point to be remarked on here. I in fact hear a difference between 'oanmeitsje' [oãmaitsjə] and 'ôfmeitsje' [oəmaitsjə]; they are in other words minimal pairs!"

It liket my ek sa ta dat yn gefallen as oanmeitsje, fan my, in minske, ûnmacht net hielendal fokaal - /m/ - fokaal te hearren is, lykas op grûn fan regressive assimilaasje fan /n/ oan /m/ mei dêrnei degeminaasje te ferwachtsjen wie. De earste fokaal hat kleardernôch wat nasaals oer him. Soks is mear "fielber" as "hearber" om mei Riemersma (1979:5) te praten. It kin dêrom ek wêze dat men jin ferrifelje lit, meidat de nasaal /m/ wat fan syn nasalens ôffervet op 'e foarôfgeande fokaal (ferl. ek 2.1.) en men dat foar nasalearring oansjocht. Yn dit gefal kin better nasaal-assimilaasje oannommen wurde, al wie it allinnich mar om 'e symmetry fan it systeem: /n/ wurdt fuortnasalearre foar [+kont]-konsonanten en assimilearret him oan in folgjende [-kont]-konsonant. Boppedat, at /m/ ek by de kondisjonearjende konsonanten opnommen wurde moast, as  $\left[ \begin{array}{l} +\text{nas} \\ +\text{ant} \end{array} \right]$ , wie dy kloft konsonanten folle heterogener.

### 3.2. De healfokalen /j/ en /ɥ/

Oer nasalearring yn ferbân mei /j/ en /ɥ/ seit Riemersma (1979:55):

"De oan- of ôvêzeghyd fon un grins jaut ferskil bij

de kómbynjerring fon un /n/ mai un /j/ of /w/. Oer un grins hinne treed nazzeljerring óp, binnen morfeemgrinzen net. Fergelykje

dyn jirkes        dy njirkes  
dyn nwaskes      dy nwaskes  
ynjitte  
venje"

Dat de grins sa'n krusiale rol spilet, moat wol in oarsaak hawwe yn 'e distribúsje fan /j/ en /ɥ/. De einkloften /-nj/ en /-nɥ/ kinne net. Yn 'e posysje KKF- lykwols binne /j/ en /ɥ/ de iennichste fan 'e acht kondisjonearjende konsonanten dy't mei /n/ as earste konsonant in begjinkloft foarmje kinne.

At der in wurd- of morfeemgrins tusken /n/ en /j/ of /ɥ/ is, giet de nasalearring gewoan troch, bgl. dyn jonk, dyn woartels, dyn earms, dyn oargel, oanjeie, húnje. At der in wurdgrins is tusken de fokaal en /nj-/ of /nɥ-/, dan giet de nasalearring net troch, bgl. dy njonken dy, dy noartske bolle, dy noarm. Dat de wurdgrins hjirre de nasalearring opkeart liket net sa logysk, omdat nasalearring him oars wol oer sa'n grins hinne foardoht. It liket my ta, dat it beskiedende kritearium foar nasalearring is dat de fokaal en /n/ yn deselde syllabe stean moatte. Dêr wurdt by de oare kondisjonearjende konsonanten automatysk oan foldien troch fonotaktyske restriksjes. Oan /j/ en /ɥ/ docht bliken dat dat net tafallich is. Ien en oar pleitet derfoar om by kondysjes op nasalearring de syllabe- ynstee fan 'e wurd- of morfeemgrins te brûken. De "gearstallende dielen" fan in te nasalearjen fokaal, fokaal - /n/, moatte yn deselde artikulatoryske ienheid stean; sa hat in nasalearre fokaal wol wat fan in diftong (ferl. Booij (1981:19)).

Yn 'e wurden enoarm, inoar, te'n earsten, yn earsten, yn oarder nasalearje ik net. Enoarm is in âld lienwurd, de oare fjouwer binne fan oarsprong gearstalde wurden. Se wurde no lykwols as monomorfematysk oanfield: de wurdgrins is ferswakke en weiwurden, dat de syllabegrins falt der net mear mei gear, lykas gewoanlik al yn gearstallingen (Booij (1981:108-110)). It hat wol eigenskip dat dy wurdgrinsferswakking in semantyske oarsaak hat: de wurden hawwe in betsjutting krigen dy't ôfwykt fan wat út 'e



gearstallende dielen op te meitsjen is. Yn it nije syl-  
labifikaasjepatroan falt de syllabegrins tusken fokaal  
en /n/ en wurdt nasalearring opkeard. Yn sokke monomor-  
fematyske konstellaasjes liket de syllabegrins de funk-  
sje fan Riemersma syn morfeemgrins oer te nimmen. Rie-  
mersma (1979:93, noat 29) jout foar it net nasalearjen  
yn yn oarder as mooglike ferklearring "dot de grins un  
segment nei foaren skood is, mar (= mei, W.V.) os ris-  
seltaat y≠nwadder. Dy ûndersteiling hûrt lykvols yn  
dot trôch de sprekkers y- ópfotte vurt os un prefiks  
en dêr binne gin parrellellen fon". At wy yn oarder be-  
skôgje as in leksikalisearre monomorfematysk adverbium  
is y- gjin prefiks, mar stiet it op deselde streek as  
de i- yn bgl. igaaal en idee. Riemersma doelt dêr al op,  
at er seit dat jo ek ûnderstelle kinne dat de wurdgrins  
útfallen is.

It giet hjir yn alle fjouwer gefallen om "brutsen"  
diftongen, lykas yn enoarm. Dat wurd en ek yn oarder  
hawwe gjin "net-brutsen" njonkenfoarmen; neist inoar,  
te'n earsten en yn earsten, eefkes besjoen as oarspron-  
klike gearstallingen, steane it ûnbeskaat foarnamwurd  
oar en it adjektyf/adverbium earst, beide mei "net-brut-  
sen" diftong, mar yn 'e gearstalling "regelmjittich"  
brutsen (Tiersma (1979a:53)).<sup>3</sup> No wol Tiersma (1979b)  
alle brutsen foarmen yn it leksikon pleatse, omdat brek-  
king in ûnproduktive regel wurden is. De brekking hat  
it ferselsstannigjen fan dy gearstallingen  
it "ferfrjemdzjen" fan har gearstallingskarakter nei  
alle gedachten makliker makke.

Riemersma (1979:52) sit wat mei de ûnderlizzende  
foarm fan inoar yn ferbân mei syllabisearring. Dêr-  
neffens steane yn dat wurd twa nasale konsonanten dêr't  
de earste fan syllabisearre en assimilearre wurdt yn  
bgl. pak inoar en op inoar.<sup>4</sup> Hy nimt dan foar inoar de  
ûnderlizzende foarm in≠noar oan, mei ynskode twadde /n/  
oer de wurdgrins. Om it net-nasalearjen yn yn oarder  
te ferklearjen, lit Riemersma (1979:94) as tredde moog-  
likheid wer sa'n /n/ opdrave. Sa'n oplossing foar ynoar-  
der kin ik it, sa't wy sjoen hawwe, net mei iens wêze.  
Mooglik kin it syllabifikaasjepatroan fan pak inoar en  
op inoar ferklearre wurde út it ambisyllabyske karakter  
fan 'e /n/ dat sa sterk is dat it nei twa kanten ta ef-

fekt hat, mar mear as in ûnderstelling is dat net.

Yn monomorfematyske wurden lykas oranje, franje, Spanje, banjer, banjo, klonje, kastanje, branje, besonjes wurdt gewoan nasalearre. Riemersma (1979:94, noat 29) nimt oan dat yn lienwurden as oranje, franje, Spanje, klonje, kastanje troch in oanpassingsregel "un formatyfgrins" tusken /n/ en /j/ pleatst wurdt, dat it diel -je fan dy wurden yn Fryske hollen dus fungearret as in suffiks. Mar branje is gjin lienwurd en dêr wurdt ek yn nasalearre. Der binne noch by 't soad oare monomorfematyske lienwurden dy't mei nasalearring realisearre wurde, bgl. ynjeksje, synjaal, finjet.<sup>5</sup> Moatte dêr dan ek alle gear ynskode "formatyfgrinzen" oannommen wurde? Dat liket my wat tefolle in ad hoc-oplossing ta. De syllabegrins is it beskiedende kritearium foar de nasalearringsregel: fokaal - /n/ moatte yn deselde syllabe stean. Dêrmei krijt nasalearring yn sokke wurden in folle "natuerliker" ferklearring as wannear't ynskode grinzen oannommen wurde. Utsoarte giet dat ek op foar wurden mei oare kondisjonearjende konsonanten as /j/, bgl. yn ynfeksje, ensyklopedy, konsonant.

#### 4. De foarm fan 'e regel

##### 4.1. Riemersma syn regels

Riemersma (1979:56) jout in nasalearringsregel yn twa etappen. Earst wurdt in [-nas] segmint [+nas] makke mei de folgjende regel:

$$(1) \quad [-nas] \rightarrow [+nas] / \begin{bmatrix} \text{---} \\ +syl \\ -kóns \end{bmatrix} \begin{bmatrix} [-syl] \\ [+nas] \\ [+kor] \end{bmatrix}$$

De kontekst rjochts lit ik wêze, dy is hjir net fan belang. De twadde etappe bestiet hjirút, dat de /n/ delearre wurdt nei in nasalearre fokaal:

$$(2) \quad \begin{bmatrix} [-syl] \\ +nas \\ +kor \\ \text{ensfh} \end{bmatrix} \rightarrow \emptyset / \begin{bmatrix} [+syl] \\ -kóns \\ +nas \end{bmatrix} \text{---}$$

Fansels wit Riemersma ek wol dat it nasalearjen fan 'e

fokaal en it weiwurden fan 'e /n/ net efterinoar har beslach krije, mar ien proses binne. Op s. 78, noat c, jout er in regel dy't nasalearring as ien proses werjout:

$$(3) \quad \begin{bmatrix} +syl \\ -kóns \end{bmatrix} \begin{bmatrix} -syl \\ +kóns \\ +nas \\ +kor \end{bmatrix} \rightarrow \begin{bmatrix} +syl \\ -kóns \\ +nas \end{bmatrix} / \text{ — — } \{$$

#### 4.2. In oar útstel

Ik leau lykwols dat nasalearring mei in oarsoartige regel better te beskriuwen is. It is ntl. in foarm fan kontraksje, neffens Trommelen/Zonneveld (1979:55):

"het samengaan van twee belendende klanken in één, waarbij het product eigenschappen van beide klanken heeft. (...) Ook nasalisatie in het Frans wordt wel gezien als een vorm van contractie, om te verklaren dat de nasale consonant verdwijnt als de klinker nasaal wordt: fine vs. fɛ̃. Hier is het product van een orale (niet-nasale) klinker en een nasale consonant dan een nasale klinker."

In nasalisearringsregel foar it Frysk kin der sa útsjen:

$$(4) \quad \begin{matrix} 1 & 2 & 3 & \Rightarrow & 3 \\ \begin{bmatrix} +syll \\ +kor \end{bmatrix} & \begin{bmatrix} +nas \\ +kor \end{bmatrix} & \begin{cases} \begin{bmatrix} +kons \\ +kont \end{bmatrix} \\ \begin{bmatrix} -syll \\ -kons \\ +stim \end{bmatrix} \end{cases} & & \begin{bmatrix} +syll \\ +nas \end{bmatrix} \end{matrix}$$

kondysje: 1 en 2 binne tautosyllabysk

Sa'n wize fan regelskriuwen is bekend út 'e syntaksis en dêrom wurdt dit slach regel wol it transformasjonele regeltype neamd. Sa'n regel is tige goed te brûken, wannear't yn 'e fokus mear as ien segment represintearre wurde moat (Trommelen/Zonneveld (1979:70)).

Omdat yn 'e strukturele beskriuwing fan 'e regel in opsumming foarkomt fan twa kloften konsonanten, soe it sa wêze kinne dat ik in generalisaasje mist haw, mar

ynearsten doch ik it sa.<sup>6</sup> Van der Meer (1979:150) formulearret nasalearring oer de wurdgrins sa:

$$(5) \quad [V n] \rightarrow [\tilde{V} \emptyset] / \text{---} \neq \neq \begin{bmatrix} \text{-stop} \\ \text{+consonant} \\ \text{-guttural} \end{bmatrix}$$

en neamt dan de regel "rather odd in that it does two things at a time: it drops the [n] and simultaneously nasalises the preceding vowel", mar dat is no krekt kontraksje. Mei sa'n regel wurdt neffens my better útdrukt wat der by nasalearring te rêden is. Boppedat kin mei sa'n regel troch it taheakjen fan in ienfâldige kondysje ek maklik it al of net trochgean fan nasalearring yn ferbân mei /j/ en /ɥ/ ferklearre wurde (sjoch 3.2.)

#### 4.3. De nasalearringsregel en Booij syn model fan 'e wurdgrammatika

Riemersma syn nasalearringsregel foldocht my net. Dat hat foar in grut part te krijen mei it model fan 'e grammatika dêr't er fan útgiet: de syllabegrins brûkt er net, der is gjin morfologyske komponint en alle fonologyske regels wurde op ien buite smiten. Omdat by it formulearjen fan 'e nasalearringsregel de syllabegrins neffens my net mist wurde kin, moast ik omsjen nei in oar grammatikamodel. Ik haw it model fan 'e wurdgrammatika fan Booij (1981:117) as útgongspunt nommen (sjoch de folgjende side). Oan 'e hân fan dat model hoopje ik nasalearring better ferantwurdzje te kinnen as Riemersma. Tagelyk kin ik sa it model ek "teste" en sjen oft ik der wier mei dwaan kin wat ik ynearsten ferwachtsje. De nasalearringsregel (4) is in suver fonetysk-fonologysken ien. Sa'n regel moat bûten de leksikale wurdfoarmingskomponint pleatst wurde. Hy komt nei de regels mei ek net suver fonetyske ynformaasje yn har strukturele beskriuwing, omdat dy spesifiker binne en by konvinsje earder tapast wurde. Neffens Booij (1981:120/121) moatte de syllabifikaasje-regels ek nei de wurdfoarmingskomponint har plak krije; de nasalearringsregel heakket dêrop yn, omdat er yn syn kondysje gebrûk makket fan 'e syllabe. Nasalearring soe ta de automatyske fonologyske regels hearre, omdat de regel ek wurket op net-gearstalde wurden. Sokke regels




Fig.1 Model fan 'e wurdgrammatika neffens Booij (1981)

wurkje ferplichte op elke fonologyske represintaasje dy't oan 'e strukturele beskriuwing derfan foldocht en se drukke sa dus kondysjes op útsprekberens út (Booij (1981:79)). No binne der foarmen dy't de regel tsjinsprekke, bgl. trans- [trans], sjans [sjans], monstrum [monstrəm], sen-sor [sɛnzɔr]. It giet dan lykwols om frjemde wurden en it is hiel wol mooglik dat dy in aparte komponint yn it leksikon foarmje en dat de útspraak derfan gjin ynfloed hat op eigen fonologyske prosessen (sj. Tiersma (1980:42, noat;53)). Dêrom gean ik derfan út dat nasalearring in automatyske fonologyske regel is.

Nasalearring kin ek opropen wurde troch morfologyske prosessen. Allerearst binne der de tige frekwinte en produktive suffiksen -st (2de pers. sg. by ferba), -st (superlatyf), -s (pluralis), -s ((partitive) genityf), it ferbaal suffiks -je en fierders fansels al dy gefallen

fan trochsichtige, motivearre gearstalling dat it earste wurd útgiet op /n/ en it twadde begjint mei ien fan 'e kondisjonearre konsonanten.

It sil klearrichheid ha dat by morfologyske prosessen de morfologyske grinssymboalen "+" (morfeemgrins) en "≠" (wurdgrins yn gearstallingen) in rol spylje by it formulearjen fan 'e regels. It algemiene betinken ûnder taal kundigen is, dat it net te ferwachtsjen is dat in morfeemgrins in fonetysk-fonologysk proses blokkearje sil. Omdat in morfeemgrins in swakkere grins is as in wurdgrins, soe nea allinnich "+" yn 'e kontekst fan in regel stean meie, al [-segment] foar "+" en "≠" tegearre of allinnich in wurdgrinssymboal (Booij (1981:208/209, noat 7;213, noat 4). Mar neffens Booij (1981:138) moat "+" al yn 'e kontekst fan in regel neamd wurde kinne (ferl. ek Tiersma (1980:77/78).

Neffens de True Generalization Condition fan 'e natuerlike generative fonology is in regel earst in fonologyske regel (P-regel), at der gjin inkelde fonetyske foarm is dy't him wjerleit; ien útsûndering is dus al tefolle. Boppedat binne alle regels dy't troch de iene of oare net-fonetyske faktor kondisjonearre wurde (in morfeem- of wurdgrins, in syntaktyske kategory, in beskaat affiks of in alfabetskaaimerke) gjin suvere P-regels, mar morfofonematyske regels (MP-regels).<sup>7</sup> At in alternânsje beskaat wurdt troch sokke net-fonetyske faktors, moatte dy dus yn 'e strukturele beskriuwing fan 'e regel ferantwurde wurde. Neffens Booij (1981:58;154;214, noat 10) moat neffens de konvinsjes fan 'e hjoeddeiske generative fonology "≠" yn 'e kontekst fan in regel neamd wurde, at dy dêr oerhinne wurket. Dat soe ynhâlde dat der ek in nasalearringsregel formulearre wurde, gelyk oan (4), mar mei "+" en "≠" yn 'e strukturele beskriuwing foar de kondisjonearre konsonanten.<sup>8</sup> Sa'n MP-regel soe dan net in kondysje by kinne mei ferwizing nei de syllabe, omdat syllabegrinzen tafoege wurde nei de komponint fan MP-regels. En nasalearring soe in MP-regel wêze, want yn 'e strukturele beskriuwing steane "+" en "≠", dat net te hearren, dus net suver fonetyske entiteiten binne; allinnich de syllabe- en pauze grins binne dat. Booij (1981:134) wol lykwols de regels dy't kondisjonearre wurde troch in wurd- of morfeemgrins

dochs ek ta de fonologyske regels rekkenje, omdat sa'n grins it grinsgefal fan in net-fonetyske kondysje is.

Nasalearring wurdt lykwols kondisjonearre troch de syllabegrins, wurd- en morfeemgrinzen binne net kruciaal. De syllabifikaasje wurdt ûnôfhinklik fan morfeemgrinzen fêststeld en yn gearstallingen falt in syllabegrins yn 'e regel gear mei de wurdgrins tusken de twa gearstallende dielen. Dat hâldt yn dat in nasalearringsregel mei "+" en "≠" folslein oerstallich is. It meast generalisearjend is om in regel te formulearjen lykas (4) dy't wurket op wurden mei in ynterne "+" of "≠", mar ek op wurden dêrsûnder. Dat betsjut dat ik "≠" net neam yn 'e regel, wylst dat neffens Booij al moast. Hy jout lykwols net dúdlik oan wêrom en ik mien dat ik op goede grûnen beslute kin om it sa te dwaan.

De nasalearringsregel (4) heart ta de wurdfonology, want dêr hearre ta: a) automatyske regels foar gearstalde en net-gearstalde wurden<sup>9</sup> dy't kondysjes op 'e útsprekberens fan fonetyske foarmen útdrukke; b) redundânsjeregels foar net-gearstalde wurden; c) regels dy't allinnich op gearstalde wurden wurkje en part binne fan 'e wurdfoarmingssyklus. Dy trije typen regels beskiede mei-inoar de noasje "mooglik wurd" (Booij (1981:132)). De nasalearringsregel is ien fan type a.

Nasalearring krijt syn beslach ek oer in eksterne wurdgrins, "≠ ≠", hinne en is dêrom ek in regel fan 'e sinfonology. Dy regels binne faak opsjoneel, by neidruklik praten kinne se ûnderdrukt wurde (Booij (1981:143)). Booij lit de fraach iepen oft alle regels dy't op syntaktyske struktueren wurkje opsjoneel binne. Neffens my is nasalearring hjir ek in obligate regel. Fansels kinne jo him wol ûnderdrukke, at jo beslist wolle, mar dat liket my gjin kritearium ta. By "gewoan" praten wurdt altyd nasalearre, at oan 'e betingsten foldien is. De regels fan 'e sinfonology steane yn 'e (sin)fonologyske komponint en binne fan gefolgen natuerlik oardere nei dy fan 'e wurdfonology. De nasalearringsregel yn 'e sinfonology sjocht der sa út:

$$\begin{array}{ccccccc}
 (6) & [+syll] & \begin{bmatrix} +nas \\ +kor \end{bmatrix} & \neq \neq & \begin{cases} [+kons \\ +kont \\ -syll \\ -kons \\ +stim \end{cases} & & \\
 & 1 & 2 & 3 & 4 & \implies & \begin{bmatrix} +syll \\ +nas \end{bmatrix} & 3 & 4
 \end{array}$$

Oan 'e ein fan 'e syntaktyske, of it begjin fan 'e fonologyske komponint wurde de eksterne wurdgrinzen yntrodusearre en tagelyk dêrmei in syllabegrins. Yn 'e syllabifikaasje falt yn 'e regel in wurd- mei in syllabegrins gear, dat in kondysje lykas by de regel út 'e wurdfonology soe net nedich wêze. Regel (6) ferskilt yn neat fan (4) yn 'e wurdfonology, op 'e eksterne wurdgrinssymboalen nei. Mar op it plak fan " $\neq \neq$ " komt ek in syllabegrins. Der wurde twa syllabegrinzen yntrodusearre tusken twa wurden. men soe jin in syllabegrinsdegeminaasjekonvinsje yntinke kinne dy't ien syllabegrins stean lit. Dan is de regel wer gelyk oan (4). At dit ûnderskie tusken wurd- en sinfonology oanhouden wurdt, krije jo in macht dûbel formulearre regels, bgl. ek dy fan nasaalassimilaasje. Booij syn sizzen dat de regels fan 'e sinfonology faak opsjoneel binne makket er net wier. Assimilaasjeregels en nasalearring binne ferplichte, mar kinne troch in pauze opkeard wurde, bgl. myn sok [mɪsɔk] [min P sɔk], myn boek [mimbuk] [min P buk], mis Bouwe [mɪzbo.ɥə] [mɪs P bo.ɥə]. De skieding tusken wurd- en sinfonology is foar sokke automatyske regels oerstallich. Nei de syntaktyske komponint moat ien fan automatyske (fonetysk-)fonologyske regels oannommen wurde, regels dy't gebrûk meitsje fan 'e syllabe. Dat soe in oanpassing fan it model fan 'e wurdgrammatika ynhâlde. Der bliu neffens my dus mar ien automatyske nasalearringsregel oer, ntl. (4).

## 5. Nasalearring en ûnderlizzende foarm

It is de fraach hoe't nasalearring yn it leksikon ferantwurde wurde moat. Wat is mei oare wurden de ûnderlizzende, leksikale represintaasje fan in wurd as winst?



Deselde fraach moat ek steld wurde foar wurden dy't mei in lange nasalearre fokaal realisearre wurde sûnder dat se te ferbinen binne mei in foarm mei in koarte oralen ien foar /n/, bgl. ûns, kâns, mins.

It sil klearrichheid hawwe dat sokke wurden mei in lange fokaal represintearre wurde moatte, want dy hawwe se krigen troch in no net mear produktive regel (sj. 6).

Der binne ek wurden dy't mei in koarte nasalearre fokaal realisearre wurde en monomorfematysk binne, bgl. ynsekt, konsekwint, ynfeksje.

Is de fokaal ûnderlizzend nasaal of net? At dat sa wie, dan stienen sokke wurden yn it leksikon yn in foarm dy't folslein gelyk wie oan 'e oerflaktefoarm. Dat soe fan dy gefolgen wêze dat it tal fokalen ûnderlizzend geweldich tanaam. En dat moat krekt sa lyts mooglik holden wurde.

It idee dat twa oerflaktefoarmen as allomorfen fan ien morfeem opfette wurde moatte, mei dus ien ûnderlizzende represintaasje, berêst op oerienkomsten tusken dy twa neffens foarm en betsjutting. De folgjende kondysje by it fêststellen fan in ûnderlizzende foarm is dus fan belang: de ûnderlizzende foarm fan in morfeem is idintyk oan 'e fonetyske foarm of dat morfeem moat in foarmlik-semantyske relaasje ûnderhâlde mei ien of mear oare morfemen. Dy foarmlike relaasje moat dan yn termen fan generalisearjende fonologyske regels ferantwurde wurde kinne (Booij (1981:69)). Dat is de natuerlikheidskondysje.

In strangere kondysje is de alternânsjekondysje dy't seit dat yn 'e ûnderlizzende foarm fan in morfeem gjin wurdûnderskiedend lûdsegmint postulearre wurde mei dat net yn op syn minst ien fan 'e fonetyske foarmen fan dat morfeem oanwêzich is (Booij (1981:72)). Dat soe yn hâlde dat wurden as winst, ûns, ynsekt ûnderlizzend as /v̥ɛːst/, /ũːs/, /i̯sɛkt/ represintearre wurde moasten; yn gjin inkele fonetyske foarm fan dy wurden is de sekwinsje (lange) fokaal - /n/ oanwêzich. Neffens de alternânsjekondysje moast de fokaalynventaris fan it Frysk dus útwreide wurde mei nasale fokalen en soe dêrtroch gâns grutter wurde.

Men hat dan drekt it idee dat der in hiel soad ûnderlizzende foarmen mei winliks oerstallige ynformaasje

binne, ynformaasje dy't mei in transparante regel fan in justjes abstraktere foarm maklik ôf te lieden is, dat sa'n leksikon mei oare wurden te konkreet is. Folslein te foarsizzen ynformaasje hoecht net yn it leksikon opnommen te wurden. Der moat ek betocht wurde dat in morfeem in leksikale en grammatikale ienheid is dy't noch yn in fonologysken ien omset wurde moat. Fan in oerflaktefoarm kin alle ynformaasje ôfhelle wurde dy't mei transparante regels fan in taal te foarsizzen is. In leksikaal item is mei oare wurden like abstrakt as der transparante regels binne om der de oerflaktefoarm fan ôf te lieden (Tiersma (1980:52)).

Tiersma (1980:62) stelt foar de ferhâlding oerflaktefoarm - ûnderlizzende foarm de Source Condition foar:

"Given the alternating units  $S_1, S_2, \dots, S_n$  in the environment C-D, where S represents any and all alternating segments or units of segments between the constants C and D, the number of differing surface manifestations of S must be greater than or equal to the number of all underlying sources  $U_1, U_2, \dots, U_n$  from which S can be derived."

Mei dy kondysje en mei de transparante nasalearringsregel (4) is it net nedich en nim ûnderlizzend nasale fokalen oan; it kin no mei allinnich orale ta.

(De oare helte fan dit artikel sil ferskine yn it kommende nûmer fan TFT)